

I.F.A.T.
It Frysk Amateur Toaniel



Oprjochte 24 july 1953 troch
BFT - FBOU - IT SELSKIP

“Stifting It Frysk Amateur Toaniel”

Neffens de dêrfan opmakke stiftingsakte is de “Stifting It Frysk Amateur Toaniel”, tenei neamd IFAT, oprjochte op 24 july 1953 troch 3 Frysktalige organisaasjes, te witten:

- a. Boun Fryske Toanielselskippen *)
- b. Frysk Boun om Utens
- c. Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse fan 1844

*) It BFT is yn 2001 opgien yn STAF en is no doelgroep BFT selskippen – dg BFT

De haadreden fan it oprjochtsjen fan IFAT is it bondeljen fan alle organisaasjes, sawol yn as bûten de provinsje Fryslân, dy’t ta doel hawwe it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs.

De wurkfjilden fan IFAT lizze oer hiel Nederlân ferspraat.

IFAT omfettet sa’n 170 toanielferienings / krite en in 30 jongerein toanielgroepen mei mear as 10.000 aktive toanielspilars / kriteleden en jierliks mear as 100.000 besikers by Frysktalige útfierings (boarne enkête BFT).

IFAT is in frijwilligersorganisaasje / sûnder betelle oerhead.

IFAT is de lânelike organisaasje foar Frysktalich amateurtoaniel mei lânelike subysdzje; IFAT kriget fanôf 1953 lânelike subysdzje: sûnt 2002 yn it kader fan de Bestjoersôfspraak “Friese Taal en Cultuur”, dy subysdzje ferrint no fia de Provinsje Fryslân.

IFAT stiet foar it:

Fuortsterkjen fan ... oansetten jaan ta ... befoarderje fan ... partisipearje yn ... kwalitatyf stypjen fan ... aktiviteiten fan de trije boppesteande organisaasjes en harren leden.

Gearfetsjend: IFAT ferfolgt in sosjaal maatskiplike funksje, in sosjaal-kulturele funksje, mar benammen in taal befoarderjende funksje, nammentlik it befoarderjen fan de twadde erkende Rykstaal yn Nederlân: it Frysk.

Aktiviteiten / projekten

Aktiviteiten / projekten wurde mei mooglik makke troch subsydze fan de Provinsje Fryslân en foar it Foarlêzprojekt ek troch de gemeente Ljouwert.

Troch stipe fan IFAT wurde troch de oansletten organisaasjes aktiviteiten en projekten útfierd, in tal wurdt yn eigen behear organisearre.

Foarbylden fan aktiviteiten en projekten

Toanielkursussen: Kursussen om nocht te krijen oan toanielspyljen en de grûnbegjinsels hjirfan leare, organisearre troch de oansletten organisaasje sels.

Toanielstúdzjedagen: tal dagen toanielstúdzje foar toanielspilars/sters, dy't harren fierder bekwame wolle op it mêd fan toaniel.

Toanielstúdzjewykeinen: wykeinen foar toanielspilars/sters om mei-elkoar eigen toanielspyljen op in heger plan te setten.

Toanielkrigen: ûnderlinge wedstriden fan toanielselskippen om it heechste nivo te berikken.

Karmasterkursussen: kursussen om it skôgjen te learen fan spyljende toanielploegen om dy troch punten en in evaluaasjepear op in heger plan te bringen.

Jeugd - jongereintoaniel: û.o. útjaan bondel oersettingen, Frysktalich jongereintoaniel en Projekt de Jongerein.

Toanielboekerij: it bewarjen fan toanielboekjes. Toanielselskippen kinne hjir in berop op dwaan.

Kollektive fersekering WA-Transport.

Taalkursussen

Provinsjaal Projekt Foarlêzen:

It befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn it Frysk oan pjutten.

Sekretariaat IFAT:

Willem Loadewykstrjitte 115, 8933 BL Ljouwert

Tillefoan 058 – 2125383

E-post: k.kuipers1938@kpnmail.nl

Bankrekkennûmer NL16 RABO 0322 9458 44

2015 /5

IFAT : De takomst fan it Frysk binne wy sels!
IFAT is de lanlike organisaasje foar Frysktalich amateurtoaniel
De landelijke organisatie voor Friestalig amateurtoneel is IFAT